Sybout Jacob Nijdam (3 sept. 1905-15 okt. 2005)



Nijdam op de dei fan syn hûnderste.
(Foto: Pien Breuker-van der Eems)

Bergen (N.H.), 3 septimber 2005: Sybout Nijdam 100 jier. Hoewol't er der noch goed by wie, koenen wy fernimme dat ús freon Sybout Nijdam de lêste jierren minder wurden wie. Likegoed kaam it berjocht dat er seis wike letter (15 oktober) stoarn wie noch ûnferwachts.

Lanlik hie Nijdam bekendheid troch syn fernijende ideeën op ûnderwiisgebiet. Ynformaasje dêroer (mar ek oer de hjirnei te neamen saken) is te finen yn Nijdam syn sels skreaune, yn eigen behear útjûne memoires: *Uit het leven van een Schoolmeester* (291 pp.), dat yn 1999 fersky-nde. Nijdam wie doe hast 94 jier. Yn Fryslân is Nijdam foaral bekend wurden troch syn ynset en leafde foar it keatsen. De yn Frjentsjer berne Nijdam hat yn 1930 yn de striid fan de PC mei it Keatsbûn om it behâld fan dyselde PC in belangrike rol spile (sjoch myn bydrage dêroer yn it PC-jubileumboek fan 2003, p. 98). Nijdam wie troud mei Afke Riemke Hilarides (1908-1997), dochter fan PC-kening (1887, 1888 en 1889) en PC-skiedsrjochter Lammert Skeltes (1868-1934). Nijdam waard yn 1933 ûnderwizer te Wervershoof. Hy hie ek niget oan de keatserij dêr en troch syn tadwaan keatsten op 22 july 1934 twa (sterke) Frjentsjerter en twa Wervershoofster partoeren op de Fryske en 'Hollânske' manier tsjininoar yn Wervershoof. Dat wie by myn witten de earste kear dat Fryske keatsers nei West-Fryslân gongen te keatsen. Lykas bekend hienen al yn 1888 twa Andykster partoeren oan de PC meidien. Sjoch oer (de histoarje fan) it keatsen yn Wervershoof bûten it stik fan Anne de Jong yn dit nûmer foaral ek: Egidius C. van de Swaluw. 'Tot nut ende vermaeck'. Yn: Werkgroep "Oud Wervershoof". *De Skriemer. Jaarboek no. 3 (1999)*, pp. 51-59 en Pieter Breuker. 'West-Fries kaatsen mag niet verloren gaan". Yn: Pieter Breuker. *Oan de hang; in samling skôgingen, artikels en lêzingen oer keatsen, keatshistoarje, keunst en kultuer*. Dronryp, 1998, pp. 83-86.

Nijdam is yn keatsrûnten ek bekend wurden fanwegen syn keatsgedichten, dy't er en as jongeman (yn ûnder mear de *Franeker Courant*) en as âlde baas (yn *Wis-In*) publisearre hat. Mar hy dichte, faak op boartlike toan, syn libben lang oer folle mear: it famyljelibben, freonen, kunde en kollega's, it wurk, de Fryske taal, it libben en de minsken yn serviceflat De Rekere, dêr't er de lêste fyftjin jier fan syn libben wenne hat. Yn 2004 hawwe Nijdam syn bern foar 'familie en goede vrienden' yn eigen behear in kar út it wurk fan har heit útjûn, ûnder de titel: *Uit het Leven van een Gelegenheidsdichter; gedichten en liederen van Sybout Nijdam* (161 pp.). Ik jou hjirre it lêste keatsgedicht – in limmerick – fan Nijdam, dat earst yn it desimbernûmer fan 1998 yn *Wis-In* ferskynd is:

In keatser dy woe yn de Trije
Mei in kreas en leaf famke wol frije
dy sei: "bist net wiis
win earst mar de priis
dan kinst wol in tút fan my krije."

Pieter Breuker